

## Roman

troch Yvonne Dijkstra

Op in gemeentlike stoart wurkje Bear, syn dochter Femke, Professor en Skilder al jierren gear. Hja binne net allinnich kollega's mar foarmje ek in soarte fan alternative húshâlding dêr't de eksoatyske frou fan Skilder de memmerol yn spilet. De echte mem fan Femke, Anna, is jierren lyn ferdwûn. Miskien hat de koneksje tusken de stoartmeiwurkers en de psychiatryske klinyk neist de stoart - troch Bear en syn kollega's hiel poëtysk it 'Geleardeynstitút' neamd - dêr wat mei út te stean? En dan is der ek noch de heimsinnige Hazze, dy't út it neat opdúkt en de ferhâldings

op de stoart sûnder it troch te hawwen op skerp set.

De gearfetting fan *It smoarge bestean*, nûmer 3 yn 'e Rige

## De stoart jout as dekor in soad sfear oan it ferhaal

Fryske Modernen, liket te wizen op in bysûndere roman en dat is it ek. De stoart jout as dekor al in soad sfear oan it ferhaal: de auto's mei karkes dy't oan en ôf ride, it wurkhok fan Skilder, de mei sket-

ten ôfsette hoekjes yn 'e loads. De kleurrike figueren dy't op dizze stoart wurkje, hawwe allegearre harren eigen motivaasje om krekt dêr te wurken. Se besykje om sa lang as mooglik is fêst te hâlden oan it guod dat alle dagen karrefol ôfleverre wurdt: Femke makket foto's, Bear kollaazjes fan âld papier, Professor sammellet elektroanika en Skilder alles wat jild opbringe kin.

De rouwens fan de stoart foarmet in moai kontrast mei de tearheid fan de minsklike relaasjes. De jonge leafde fan Bear en syn Anna dy't stikje by bytsje útinoar raffele wurdt; de skansearre patiënten fan it Geleardeynstitút dy't net mear, lykas Professor syn elektroanika, op te laapjen binne; de hast

achteleaze wize fan fertellen oer de muoite dy't Femke hat om har te binen; it binne allegear foarbylden fan dy kwetsbe-

## As blêden oan 'e beam dwarrelje se hinne en wer

rens. De meast kwetbere groep is fansels dy fan de psychiatryske patiënten, dêr't Skilder oer seit: „Sy binn' der gewoan, as blêden oan 'e beam' [...]. Lyksa dwarrelje se wat hinne en wer, want fierder ha se neat. Net dat

wy minder dwarrelje, mar wy ha de wearld oan guod om ús hinne.” Mei dy útspraak rekket Skilder oan ien fan de tema's yn 'e roman: wat betsjut 'normaal' en wannear binne je 'gek'?

As jo kieze foar dekors as in psychiatryske ynrjochting en de gemeentlike stoart, is it net lestich om yn klisjees te bedarjen, mar dêr trapet Berga net yn. *It smoarge bestean* is in oarspronklik ferhaal oer oarspronklike minsken.

**i** *It smoarge bestean, Wilco Berga, Utjouwerij Fryslân, 16,50 euro*

